



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 18 septimber 2011

Tsjinst fan tarieding



De âlderling fan tsjinst hjit ús wolkom. Us iepeningsliet is Psalm 100, de fersen 1 en 2:

"Juicht Gode toe, bazuint en zingt".



Drompelbea

Ds. Wagenaar bidt sjongend:

*Iepenje my foar jo goedens, en reitsje my oan
Iepenje myn eagen foar jo goedens, en reitsje my oan
Iepenje myn ferstân foar jo goedens, en reitsje my oan
Iepenje hert en siel foar jo goedens, en reitsje my oan.*

Dienst van het Woord

De 1e lezing is uit Jona 4 dat verhaalt hoe boos Jona is als God voor de stad Nineve genade voor recht laat gelden.

Bernenjonkentsjinst

Ds. Wagenaar freget oft de bern ree wêze soene om foar 5 euro de auto fan buorman te wosken. Dat liket de bern wol wat. Dan freget dûmny wat se der fan fine soene as in oar jonkje – dat pas oanskiten komt as de auto hast hielendal skjin is – ek 5 euro krijt wylst hy mar



krekt holpen hat. De bern fine dat net earlik.

Juf Corry nimt de bern mei nei de Fikarij dêr't dit ferhaal fierder útwurke wurdt.

De 2e lezing is uit Matheus 20: 1-16 en gaat over de heer van de wijngaard die arbeiders welke hij pas aan het eind van de dag in dienst neemt, evenveel betaalt als de werkers van het eerste uur.



Ferkundiging

It ferhaal út Matteus ropt – krekt as by de bern – daliks de reaksje op fan: "Dat is net earlik". Wat moatte wy dermei, yn dizze tiid fan ûnderhannelings oer in sosjaal akkoart, it FNV, Jongerius, minister Kamp...Wat is ús maatskippij yngewikkeld.

Wêrom fertelt Jezus ús dit ferhaal? Miskien om de folgjende redenen. Wy geane by it leazen fan dit ferhaal altyd út fan ússels. Wy steane der net by stil hoe 't de minsken der oan ta binne dy't miskien de hiele dei al foar neat stean hawwe te wachtsjen, ûnderwilens tinkend hoe't hja yn de goedichheid harren frou en bern te iten jaan moatte as se net frege wurde. Miskien wiist Jezus ús ek wol op ús blinde flek dat wy it mar min ha' kinne as in oar wat mear krijt as wysels. Jona koe it ek al net hawwe dat de ynwenners fan Nineve sparre waarden. Miskien wurdt it ferhaal wol ferteld om sjen te litten dat wy de goedens fan God net hoege te fertsjinjen. Jezus lit sjen dat ús regels fan de ekonomy net tapast wurde troch God. It yngaan op de útnoeging fan God om te wurkjen yn syn wyngerd is it heil sels! Dat wy yngaan binne op dy útnoeging is genôch. En ast' it sa hearst, wurdt it ferhaal oars. De wurkers fan it earste oere beseffe net heal hoe goed se it de hiele dei al hawwe; einliks binne sy de ferliezers yn it ferhaal. Dy útnoeging, dêr moatte wy tankber foar wêze. Tink by God net ekonomysk, erfaar Gods útnoeging as in geskink. Amen.

Blommen



De blommen geane nei Janny Veenstra. Janny hat dizze wike betanke as amtsdrager. Persoanlike en saaklike omstannichheden hawwe har ta dizze stap brocht.



Kollekten

1e kollekte is foar fredeswurk, de 2e (by it útgean) foar de tsjerke.

Gebeden

Der wurdt bidden foar Sander Smids dy't krekt op 'e nij operearre is oan 'd rêch en foar Janny Veenstra, dy't te krijen hat mei drege persoanlike en saaklike omstannichheden.



Miel fan de Hear



We fiere rinnend it Miel fan de Hear. As ynliding lêze foargonger en âlderling fan tsjinst, liet 129 út Sjongend Op Wei:

Die naar menselijke gewoonte met een eigen naam genoemd werd toen hij in ver verleden werd geboren ver van hier, enz.

Us slotliet is Ges. 223: "De aarde is vervuld van goedertierenheid, van goddelijk geduld en goddelijk beleid".

Seine

Sterke mei de seine fan God, geane wy wer op hûs oan.



Meiwurkers

Foargonger:
Bernenjonkentsjinst:
Kosters:

Oargelist:
Alderling fan tsjinst:
2^e âlderling:
Diakens:

Blommen:

Ds. Hinne Wagenaar
Corry Brouwer
Jannie Lindeman,
Johannes Koorstra en
Wiebe Brouwer.
Bram Postmus
Geartsje van der Meer
Arie Dol
Tjitske Visser, Alie
Kalsbeek, Jannie
Lindeman
Gina Turkstra

